

# JIERFERSLACH

SELSKIP

2 0 1 7

## FOAROPWURD

### In neitins oan Kees Kuipers.

Op 22 desimber 2017 is ûs skriuwer Kees Kuipers nei in slimme sykte ferstoarn.

Kees hat in hiel grut part fan syn libben stutsen yn it Selskip en wie mear as tritich jier de driuwende krêft fan it Selskip.

29 maaie 1986 waard Kees beneamd yn it haadbestjoer fan it Selskip.

Hy folge syn ôftredende suster – mefrou Wagenmakers – op, sawol in it bestjoer as yn de funksje fan 2e skriuwer.

It ferslach fermelde dat mefrou Wagenmakers ôfgiet, mar wol in nij bestjoerslid “êfter de hân hat”, namentlik har jongere broer.

Al yn 1992 wurdt Kees Kuipers waarnimmend skriuwer yn ferbân mei sykte fan de skriuwer, de yn Fryslân legendaryske mefrou Rienks – Wallinga.

25 Jier lang is Kees skriuwer west fan it Selskip: 13 oktober 1992 oant en mei desimber 2017.

Kees stie foar al it skriuwerswurk: ferslagen meitsje fan gearkomsten bestjoer en algemiene gearkomsten. Gearkomsten tariede: wurklisten mei bylagen.

Korrespondisje fersoargje, noed ha foar yn en útgeande stikken, jierferslagen en oare programma's.

Sa as winterprogramma's fan de Kritten. En fansels op besite by de Krite(n).

Njonken syn drokke funksje fan skriuwer wie Kees ( faak mei sydsulver Anneke ) op in paad om it Selskip te fertsjintwurdigjen.

Kees hat in hiel soad tiid stutsen yn it Selskip, wie de spil fan it Selskip.

Wy sille him misse.

Op freed 29 desimber ha wy ôfskie fan him nommen.

Yn dit jierferslach is de betinking opnommen útsprutsen troch Geeske Frieswijk by syn ôfskie.

Bestjoer Selskip

## It Selskip fan Fryske Tael en Skriftekennisse

De skiednis fan it Selskip giet tebek oant 1844. Trije grutte mannen as Harmen Sytstra, Tiede Roelofs Dykstra en Jacobus van Loon wiene fan betinken dat de Friezen bêst foar har eigen taal útkomme meie. Yn earsten wiene der fiif doelen: - it skriuwen fan Fryske stikken, - it útjaan fan Fryske stikken, - it hâlden fan foarlêzingen, - it oanlizzen fan in boekesamling en - it belizzen fan kritegearkomsten (as it Selskip grutter wurde soe).

Hjoed-de-dei wurdt de doelstelling fan it Selskip û.o. helle middels it organisearjen fan it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.

Ek de Kritten dogge alle war de Fryske taal en kultuer fuort te sterkjen. Dat bart op ferskate wizen. Aktyf en passyf genietsje fan Frysktalich toaniel, kabaret, Fryske trûbadours, artysten en Fryske skriuwers.

Mar ek stúdzje meitsje fan de Fryske taal en skiednis of sprekkers dêroer oanharkje.

Bestjoer Selskip

## It Haadbestjoer

Op 1 jannewaris 2017 wie it haadbestjoer fan it Selskip 1844 sa gearstald:

Foarsitter: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511-431207

Skriuwer: fakant

Skathâlder: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511-431207

Lid: Mefrou A.M. Douma, Tsjerkebuert 11, 8805 TH Hitsum,  
0517 – 452744

Lid: Mefrou Cl. van der Sluis – Ytsma, Gauke Boelensstrjitte 91,  
9203 RK Drachten, 0512 – 510424

Lid: Mefrou G. Beenen, Wâldsingel 63A, 8443 DL It Hearrenfean,  
0513 - 631031

Administrateur: Mefrou T.v/d. Woude – v/d. Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten,  
0512-510836

Korresp.: .....

e-post: [.....](#)

## Fertsjintwurdiging Selskip yn:

### **IFAT**

Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld

0511-431207

.....

### **Ried fan de Fryske Beweging**

Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld

0511-431207

### **Kommisje Foarlêzen Selskip**

Dizze Kommisje is yn it libben roppen troch it Selskip.

Leden:

Mefrou G.J. Frieswijk (foarsitter), Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam,

0513-632989

Mefrou A.M. Douma, Tsjerkebuert 11, 8805 TH Hitsum,

0517-452744

Mefrou T. van der Woude – van der Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten,

0512 – 510836

## Gearwurkingsferbân

It Selskip hat in gearwurkingsferbân mei it Frysk Boun om Utens. Alle nijs en ynformaasje wurdt op de hiemside set fan it Boun:

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Op de side fan it Selskip stiet de folgjende ynformaasje:

1. Wat is en docht it Selskip
2. Winterprogram
3. Jierferslach

Mefrou Alie Douma hat tasein om de gegevens fan it Selskip te ferfarskjen.

De hiemside fan It Frysk Boun om Utens wurdt regelmjittich aktualisearre.

## Adressen deistich bestjoer oansletten Krite

<b>Foarsitter</b>	<b>Skriuwer</b>	<b>Skathâlder</b>
1.		
<b>Krite “Drachten”</b>		
De hear J. Veenstra Bruinslotstrjitte 63 9203 RZ Drachten till.: 0512 – 522190	Fakatuere wurdt waarnommen troch de foarsitter (= tydlik)	Mefrou A. Annema-Annema Sydwende 72 9204 KG Drachten till.: 0512 - 517079
2.		
<b>Krite “Easterwâlde”</b>		
Mefr. Tr. van Berkum-de Boer De Muijnhorn 14 8431 BJ Easterwâlde till.: 0516-4850186	Mefrou Tr. Van Berkum – de Boer de Muijnhorn 14 8431 BJ Easterwâlde till.: 0516 – 850186	De hear J. Kort Leegemaad 3 8431 TS Easterwâlde till.: 0516 – 520018
3.		
<b>Krite “Hearrenfean”</b>		
De hear Kl. Krist Pastorieleane 8 app. 302 8441 AA It Hearrenfean till.: 0513 – 621497	Mefrou H. Oosterbaan-van den Brink Tolhúswei 7 8443 DT It Hearrenfean till.: Tel. 0513-631585	De hear A. Bakker Tjepkemastrjitte 33 8441 CD It Hearrenfean till.: 0513 – 628346
4.		
<b>Krite “Trynwâlden”</b>		
Mefrou B. de Vries Gysbert Japiksstrjitte 5 9061 BT Gytsjerk till.: 058 – 2664878	Mefrou H. de Roos Staniasingel 29 9062 GL Oentsjerk till.: 058 – 2563971	De hear U. Bakker Sanjesreed 1 9062 EK Oentsjerk till.: 058 – 2562914

## Op de Algemiene Gearkomste fan 26 april 2017 yn de Miente Easterwâlde

- Stipe Frysk Boun om Utens – mailadressen.  
Yn 2023 bestiet it Frysk Boun om Utens 100 jier. Om dat heuchlike feit te fieren, wolle hja sa folle mooglik minsken dêr by belûke. Dêrom wolle hja fan Fryksinnige minsken oeral yn de wrâld mailadressen hawwe, sadat It Frysk Boun harren alle nijs en nijsgjerrichheden mei diele kin. Dus minsken hawwe jimme kunde bûten Fryslân, jou dat adres troch oan de skriuwer fan it Selskip. Hy soarget dat dat adres op it goeie plak komt.
- De hearen Uiltje Bakker (skathâlder fan Krite Trynwâlden) en Jan Kort (skathâlder fan Krite Easterwâlde) hawwe de boeken neisjoen yn it hûs fan de administrateur te Drachten.  
De hear Bakker docht ferslach. Hja hawwe de boeken neisjoen ûnder en koene gjin flaters fine. De hear Bakker stelt it bestjoer Selskip foar de administrateur dézjarsje te ferlienen. Hja kin kommend jier opnij ynhierd wurde. Hantsjeklap út 'e seal.  
De hear Jan Kort docht it neisjen wurk kommend jier foar de twadde kear. De nije rekkenopnimmer dy't frege wurdt, is de skathâlder fan Hearrenfean, de hear Auke Bakker.
- Us administrateur, mefrou Tineke van der Woude, jout in taljochting op de Begrutting. "It liket net sa moai, we hawwe te krijen mei in tekoart fan € 200,--  
We teare dus yn op ús sparjild."
- Yn 2016 is foar de 14de kear it Foarlêsprojekt organisearre en alles is doe goed ferrûn. It giet om it Provinsjaal Projekt lêzen en foarlêzen oan pjutten op pjutteboartersplakken, berne-deiferbliuwen en by gastâlders.  
Mei help fan 50 kontaktpersoanen is foarlêzen oan in 12.500 pjutten. It oantal is wakker gelyk oan 2015. It oantal is ynklusyf in 540 ukken yn de Stellingwerven.
- Skriuwer Kees Kuipers hat bestjoerslid mefrou Alie Douma nei foaren helle om har tank te sizzen foar it meitsjen fan it Jierferslach 2016. De skriuwer Selskip wie hjir sa optein oer, dat hy it útstel dien hat om mefrou Douma te beneamen as twadde skriuwer. De foarsitter hat dit útstel oernaam en mefrou Douma hat it útstel oannaam. Hantsjeklap út 'e seal.
- Nei it skoft komt de hear Jan van Zinderen oan it wurd. Hy sil prate oer de tram troch en rûn Easterwâlde fan begjin oant de ein fan it bestean fan de tram.  
Hy hat in protte nijsgjirige plaatsjes sjen litten en koe prachtige anekdotes fertellen, de oanwêzigen ha in moaie jûn hân en oan de ein kriget hy in hantsjeklap.

Sjoch fierder it ferslach fan dizze Algemiene Gearkomste.



## Bestjoersgearkomsten fan it Selskip

Der binne bestjoersgearkomsten west op 20 jannewaris, 17 maart en 22 septimber. De gearkomsten wiene wer by de bestjoersleden oan hûs. De bestjoerders koene wer in berop dwaan op de adviseurs: Geeske J. Frieswijk en Tineke van der Woude – van der Schaaf.

Us administrateur Tineke van der Woude – van der Schaaf ferdútst de finansjele sitewaasje fan it Selskip.

Punten fan besprek op de bestjoersgearkomste wiene:

- Winterprogramma Fryske Krite;
- De 15<sup>e</sup> kear dat it Foarlêsprjekt organisearre waard, is Geeske Frieswijk, foarsitter fan de Kommisje Foarlêze, yn it sintsje set. Ek de kontaktpersoanen dy't fanôf it begjin belutsen wiene ha in moai blomke hân. Geeske hat in prachtich jubileumboek, makke troch de kontaktpersoanen, oanbean krigen. De award oerlange troch Dries Wijbenga út namme fan it Selskip ûnder in itensje, wie har tige nei it sin. It Foarlêsprjekt wie ek bysûnder: mei in útstjoering yn Hea fan de Ynpakdei, de nije ûntwikkelingen oangeande it Tomke boekje mei mear ferhaaltsjes troch it jier hinne, en ek in nije oare yllustrator derby.
- Binne stipers foar it opkreezjen fan de grêven te finen?
- Betsjutting Selskip foar de Fryske Krite;
- Relaasje Selskip en Fryske Krite;
- Tekoart begrutting Selskip;
- Kontakt mei Frysk Genoatskip om stipe út Frysk Underwiisfûns;
- It Selskip hat de ANBI status, dit betsjut: op in legaat hoecht gjin belesting betelle te wurden. Sjoch op de hiemside fan it Frysk Boun om Utens;
- Oersjoch besite Krite;
- Regelje Algemiene Gearkomste Krite Drachten;
- Fuortgong en evaluaasje Projekt Foarlêzen;
- Anjeraksje crowdfunding;
- Ynsjoch jildsaken;
- Jierferslach / Jierrekken;
- Begrutting kommende jier;
- Oprop foar e-post adressen foar it Frysk Boun om Utens.

## Wurk en aktiviteiten fan it Selskip

### Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten

#### Algemien

De Kommissje Foarlêzen fan it Selskip fan Fryske Tael en Skriftekennisse organisearret jierliks yn gearwurking mei de Tomke-wurkgroep it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders yn de earste folle wike fan juny: de Fryske Foarlêswike. De Fryske Foarlêswike makket gebrûk fan de materialen fan it Tomke projekt: in foarlês- en taalstimulearringsprogramma yn it Frysk foar pjutten. It projekt wol âlders en profesjonele opfieders ynformearje oer it brûken fan taal yn 'e omgong mei jonge bern. Foarlêze, ferskes sjonge, (taal)spultsjes en oandacht foar de deistige saken binne wichtich foar alle talen, dus ek foar it Frysk: bern dy't harren memmetaal goed behearskje, kinne makliker in oare taal leare. It Tomke-projekt hat in wurkgroep dy't út in tal ynstellings bestiet. De koördinaasje fan it Tomke-projekt is yn hannen fan de Tomke wurkgroep.

#### Doel

It Projekt stribbet dernei om op (alle) pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen yn de provinsje Fryslân - Tomke ferhalen foar te lêzen om sa it aktyf brûken fan de Fryske taal te befoarderjen en it lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal te stimulearjen.

#### Wat in talen, wat in rykdom

It aktyf brûken fan de Fryske taal wurdt stimuleare, mar der wurdt ek foarlêzen yn it Stellingwarfs, it projekt helpt hjirfoar de Stellingwarfer Schrieversronte en harren kontaktpersoanen. Fierder wurdt yn oparbeidzjen mei Stichting Ons Bildt der foar soarge dat yn it Bildts foarlêzen wurdt. Op Skiermûntseach wurdt foarlêzen yn it Eilanders. Fierders is der omtinken foar it foarlêzen yn it Kloasters en Hylpers

#### Organisaasje

De Fryske Foarlêswike wurdt útfierd yn alle Fryske gemeenten, mei wurkgebieten yn Súdwest Fryslân (5), de Fryske Marren (3), en Boarnsterhim is in wurkgebiet.

De Kommissje Foarlêzen bestiet út trije persoanen mei as taak de organisaasje fan it foarlêsprojekt fia in netwurk fan 50 kontaktpersoanen, dy't soargje foar de organisaasje yn harren gemeente / wurkgebiet.

De Afûk helpt it foarlêsprojekt mei foarmjouwing, printwurk en administraasje. De Tomke wurkgroep stelt Tomke boekjes en materialen beskikber.

#### Subsydzje Provinsje en gemeente Ljouwert

Sûnt 2009 kriget it Foarlêsprojekt strukturele subsydzje fan de Provinsje Fryslân. De Gemeente Ljouwert stipet ekstra foar it foarlêzen yn Ljouwert. De oanfraach en ôfrekken wurdt fersoarge troch It Frysk Amateur Toaniel (IFAT).

**2017 fan 6 oan't en mei 9 juny : foar de 15<sup>e</sup> kear wurdt foarlêzen!**

Foar it bestjoer Selskip reden om de foarsitter fan de Kommisje Foarlêzen yn it sintsje te setten. Geeske Frieswijk wie fanôf it begjin initiatyfnimmer mei Laura Boon fan Krite Drachten fan de Fryske Foarlêswike. It wie net daliks yn 2003 in wike, earst wie it noch in Foarlêsdei, mar de belangstelling wie sa grut dat it nei it earste jier in Foarêswike waard.

Yn 2017 binne 17.000 Fryske Tomkeboekjes, 1000 Stellingwerfse en 600 Bildtse boekjes te plak brocht. Mar ek de oare foarlêsmaterialen: posters Selskip foarlêzen, A4 Selskip Foarlêswike, Tomke tv poster, foarlêstips, foarlêsposters, begeliedende brieven en tassen foar it útsetten fan it materiaal.

De rissultaten: 550 foarlêzers lêze foar oan krapoan 800 groepen, dêrneist lêze 400 gastâlders foar.

*Yn 2017 is foarlêzen oan in 12500 pjutten!*

De rissultaten binne sa goed dat it Selskip tige grutsk is op it wurk fan Kommisje en de kontaktpersoanen. Geeske Frieswijk is de spil fan de Fryske Foarlêswike, sy hat al dy 15 jier de karre lutsen mei wikseljende kommisjeleden. It projekt is grutter en grutter wurden en groeit en bloeit noch hieltiid. Op 15 juny 2017 oerlanget de foarsitter fan it Selskip in bliuwend oantinken oan de Fryske Foarlêswike oan Geeske yn de foarm fan in trofee, dêrneist wurdt in itentsje foar har en de Kommisje organisearre. Foar Tineke van der Woude en Alie Douma, de oare twa kommisjeleden, hat de foarsitter in moai blomke. De Kommisje Foarlêzen hat mei stipe fan Afûk in jubileumboek makke troch kontaktpersoanen en Kommisje.

En fierders wie dit jier by de ynpakdei Omrop Fryslân bywêzich om opnamen te meitsjen fan it ynpakken fan de foarlêsmaterialen foar it tv-programma Hea en Omrop Fryslân radio hat in ynterview mei Geeske Frieswijk útstjoerd oer de Foarlêswike.

Troch it Provinsiaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk is oeral yn Fryslân - yn de stêden oan't yn de doarpen ta – oeral hat it Selskip op 'e nij har woartels en sa docht it Selskip noch altyd dat wat hja wichtich fûnen by de oprjochting yn 1844, nammentlik it stypjen fan de Fryske taal en it Frysk eigene.

**It folsleine Ferslach Fryske Foarlêswike 2017 is op te freegjen by de**

**de skriuwer fan it Selskip: [selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)**

## Earestienten, grefteikens, grefsarken en grêven

**Tinkboek:** *“In folk, dat syn greate mannen net earet, is se net wurdich”.*

### **Hoe komt it dat it Selskip behelle is by Earestienten, Grêfteikens, Grêfsarken en Grêven?**

De skiednis fan ien en oar is wêrom te finen yn it **TINKBOEK** fan it “Hûndertjierrich bistan fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse” 1844 – 1944.

“It Selskip kent in lange en rike histoarje, mei gâns wichtige mannen yn it bestjoer, dy en safolle oare dy sa’n protte foar de Fryske tael dien hawwe, binne wurdich nea forgotten to wurden. “

### **It Tinkboek sels stelt de fraach en jout it antwurd:**

“Hwat hat dochs de reden west, dat it Selskip foar Fryske tael der ta oergien is om in eareblyk foar harren op te rjuchtsjen?” En dat andert kin dan net oars wêze as: “It oprjuchtsjen fan dizze tinkstiennen hat útslutend ta’n doel hawn ús âlde sprake to earjen en de âlde fryske beam nije soppen ta to foegjen. En dat ús earestiennen der jit in lange rige fan jierren fan tsjûgje sille hoe’t it Fryske Selskip syn greate mannen earet”.

It Selskip hat “op eigen manneboete of yn ‘e mande mei oaren “ oprjochte:

1. Earestiennen ( Earestienten )
2. Grêfteikens ( Grêfteikens )
3. Grêfsarken en
4. Grêven yn eigendom en/of yn ûnderhâld.

Wa wiene dy grutte mannen en wat wie harren betsjutting foar de Fryske taal en it Selskip.

### **1. Earestiennen**

1. De stiennen ( kopstikken ) yn ‘e gevel fan it bertehûs fan de bruorren Halbertsma te Grou. Foar dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma yn 1875 en dûmny Joast Hiddes Halbertsma (1e Earelid fan it Selskip) yn 1879, Frysk skriuwers en dichters. It eigendom fan de stiennen is oergien oan it Ryk.
2. It dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma byld te Grou yn 1904. Yn 1995 is de soarch foar it byld by de gemeente Boarnsterhim lein.
3. De gevelstien yn it bertehûs fan Gysbert Japiks te Boalsert yn 1908, grutste Fryske dichter: “in berch yn it leechlân”. It Selskip hat de stien yn ûnderhâld.
4. De Waling Dykstra tinkstien te Ljouwert yn 1916, Frysk folksskriuwer en dichter, foarsitter en Earefoarsitter fan it Selskip, einredakteur earste folsleine Fryske Wurdboek – trije dielen. It eigendom waard oan it stêdsbestjoer fan Ljouwert oerdroegen.
5. It Piter Jelles Troelstra earestiente te Stiens yn 1933, Frysk dichter. It earestiente is oerdroegen oan de gemeente Ljouwerteradiel.

## 2. Grêfttekens en 3. Grêfsarken

Der is ûnderskie makke tusken grêfttekens en grêfsarken. De earste binne oprjochte fan it Selskip, dat der foar soarge hat, dat de ferstoarne ek fan de neiteam net fergetten wurde soe; de twadde binne oprjochte fan de famylje fan de ferstoarne en letter troch it Selskip oernommen.

De grêfttekens oprjochte troch it Selskip binne:

1. It earestiente op it grêf fan Gerben Piters Colmjon te Ljouwert yn 1885, skriuwer en samler fan it Selskip
2. It earestiente op it grêf fan Jacobus van Loon Janssoan te Wommels yn 1907, Frysk skriuwer, mei oprjochter fan it Selskip, skriuwer, foarsitter ( 34 jier ) en Eare-foarsitter
3. It earestiente op it grêf fan Tsjibbe Gearts van der Meulen te Burgum yn 1907, Frysk folksskriuwer en dichter, Earelid fan it Selskip

De grêfsarken dy't eigendom fan it Selskip binne, moat men sykje op de tsjerkhôven te:

4. Baard, op it grêf fan Harmen S. Sytstra yn 1862, Frysk skriuwer, dichter en mei oprjochter fan it Selskip
5. Readuzum, op it grêf fan Alle Jans Smeding yn 1902, Frysk skriuwer, ien fan de âldste en foarste leden, Earelid en skathâlder ( 29 jier ) fan it Selskip
6. Hallum, op it grêf fan Meindert Rozenga yn 1928, Frysk skriuwer / strider
7. Ryptsjerk, op it grêf fan Auke Boonemmer yn 1937, Frysk skriuwer

Tinkteken Tsjoard Velstra, te Jelsum yn 1919, Fryske toanielskriuwer  
( tinkteken yn 'e mande mei it Ljouwerter toanielselskip ).

## 4. Grêven

It Selskip hat it eigendom en/of it ûnderhâld fan de grêven te:

1. Baard, fan Harmen S. Sytstra
2. Hallum fan Meindert Rozenga,
3. Ryptsjerk fan Auke Boonemmer
4. Burgum fan Tsjibbe Gearts van der Meulen
5. Burgum mefrou Grietje Peereboom, widdow fan Tsjibbe Gearts

Yn 2004 is it Selskipbestjoer by alle earestiennen en grêven lâns west om ris te sjen hoe alles der hinne leit. Fan dizze tocht is ferslach makke: Ferslach fan de Ynspeksjetocht op 18 maaie 2004.

Binne jo fierder ynteressearre dan kinne jo in wiidweidich ferslach fan de Ynspeksjetocht opfrege by de skriuwer fan it Selskip.

Yn 2013 is it grêf fan Meindert Rozenga yn Hallum opkreeze.

Yn 2015 is de tinkstien fan Halbertsma te Grou opkreeze troch de gemeente Ljouwert.

Ek de stien fan Gerben Colmjon op de âlde begraafplaats oan de Spanjaardsleane sjocht der no better út.

Yn 2016 is in bestjoerslid fan it Selskip by alle earestiennen en grêven lâns west om ris te sjen hoe alles der no hinne leit. De foto's binne ferwurke yn in powerpoint presentaasje mei ynformaasje oer de betsjutting fan dizze grutte persoanen. **De powerpoint is op te freegjen by de skriuwer fan it Selskip.**

## Kontakten nei bûten ta

Yn it jier 2017 hat it Selskip mei in tal organisaasjes in petear hân oer gearwurking en it oanheljen fan de bân. Kontakten wiene der mei:

- **I F A T ( It Frysk Amateur Toaniel )**

ûnder oaren oer de jierlikse bydrage foar it Projekt Foarlêzen oan pjutten

- **A F U K ( Algemeine Fryske Underrjocht Kommisje )**

ûnder oaren it gearwurkingsprojekt Foarlêzen oan pjutten

- **FRYSK BOUN OM UTENS**

ûnder oaren oer gearwurking, jildsaken en de hiemside.

- **TRESOAR**

bywurkje argyf fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

## S l o t

Oan de ein fan dit jierferslach sprekt it haadbestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse har tank en wurdearing út oan Kommisjes / wurkgroepen, ynstânsjes en alle persoanen dy't der foar soarge hawwe, dat it wurk fan it Selskip yn har 173ste besteansjier fuortgong fine koe.

Ljouwert, Febrewaris 2018

A.W. Wijbenga, foarsitter

A. Douma, twadde skriuwer



**BETINKE**

**KEES KUIPERS**

**FREED 29 DESIMBER 2017**

**ANDRINGA STATE MARSUM**



**2017 IFAT / SELSKIP BETINKE KEES KUIPERS 29 DESIMBER 2017**

**ANNEKE - ACHE FAMILJE - ACHE OANWEZIGEN -  
OM MEI KEES TE SPREKKEN:  
“NOMMELE FREONEN EN FREONDINNEN”**

**IK BIN GEESKE FRIESWIJK, FOARSITTER FAN IT IFAT =  
IT FRYSK AMATEUR TOANIEL - OPRJOCHE YN 1953 – TROCH**

**BFT / NO STAF = STIFTING AMATEURTOANIEL FRYSLAN  
FBøU = FRYSK BOUN OM UTENS  
IT SELSKIP = IT SELSKIP FOAR FRYSCHE TIEL EN  
SKRIFTEKENNISSE FAN 1844!**

**MISKIEN TINKE JIMME WOL = WAT IN GEDOCH MEI AL DY  
NAMMEN EN DY ORGANISAASJES?!**

**WOLNO,  
DY ORGANISAASJES - MAR BENAMMEN DE MINSKEN DERFAN -  
WIENEN JIERRENLANG DE TWADDE FAMILJE FAN KEES -  
SOMTIIDEN HIE ER D'R IN DEITAAK OAN, OANT FIER YN DE JUN  
TA!**

**KEES HAT FOARAL NEI SYN PENSJONEARRING IN HIEL GRUT  
PART FAN SYN TIID STUTSEN YN IT SELSKIP EN IFAT:**

**KONTAKTEN GIENEN DAN EK NET ALLINNE OER IT WURK, MAR  
EK OER IN NIJE AUTO, KOMPJOETER, FAKANSJE, OER MEI DE  
KARAVAN FEST SITTE YN MONSCHAU, OER BESTELLEN WURDE  
YN DE FAKANSJE, OER IT FERKEAPJEN FAN DE KARAVAN,  
JA, OER WAT AL NET.....EN.....  
DE LESTE TWA JIER EK OER SYKTE.....**

**MAAIE 1986 KAAM KEES YN IT HAADBESTJOER FAN IT SELSKIP,  
AS 2<sup>E</sup> SKRIUWER – OKTOBER 1992 WAARD HY DE SKRIUWER  
GOED 30 JIER FERBUN MEI IT SELSKIP**

**KEES KAAM YN IT BESTJOER FAN IFAT YN FEBREWARIIS 1993 EN  
WAARD – FANSELS - SKRIUWER IFAT YN OKTOBER 1999.**

**HY WIE DOE KREKT MEI PENSJOEN EN DUS KOE ER WOL OAN  
DE SLACH =  
25 JIER FERBUN MEI IFAT**

**AS JE BETINKE DAT IFAT GOED 60 JIER BESTIET, DAN HAT KEES  
DER KRAPOAN DE HELTE PART FAN UTMAKKE!!**

**EN AS JE SALANG MEIELKOAR OPARBEIDZJE –  
DAN FALT DER WOL WAT TE BETINKEN**

**FOAR DE 4 ORGANISAASJES WOL IK DAT DAN EK DWAAN:**

- 1. KEES EN IT SELSKIP**
- 2. KEES EN IFAT**
- 3. KEES AS SKRIUWER**
- 4. KEES AS KEES**

- 1. KEES EN IT SELSKIP**

**KEES EN IT SELSKIP – IT SELSKIP FOAR FRYSKE Tael EN  
SKRIFTEKENNISSE - IT FRYSK SELSKIP – IT ALD SELSKIP –  
IT SELSKIP 1844**

**HOE'T JO IT EK NEAME WOLLE  
IT SELSKIP IS FAN 1844 – KEES WIE DER WAKKER GRUTSK OP:  
1844! 173 JIER ALD!!  
EN MEI IT SELSKIP EK IT OPKOMMEN EN UTKOMMEN FOAR DE  
EIGEN TAAL**

**HY HAT DE LESTE 30 JIER SOARGE FOAR DE KONTINUÛTEIT.  
KEES HAT OMRAAK OP IT SELSKIP PAST  
WIE DE DRIUWENDE KREFT FAN IT SELSKIP**

**DE MAN HIE EK NOED, STIE FOAR DE OANSLETTEN KRITEN:  
YN DE BINING EN BELANGEBEHERTIGING EN  
IT OP BESITE GEAN BY DE KRITEN**

**IT WILLEWURK / FERIENINGSWURK IS DE LESTE JIEREN NET  
ALTYD MAKLIK  
MAR KEES HALDE HOEK, EK DOE'T HY IT IENNICHSTE  
BESTJOERSLID WIE.  
DRIES, LAURA, PEET EN IK HA KEES HOLPEN OM FIERDER TE  
GEAN – EN DOE**

**EN DOE..... KRIGEN WY EK DE FERHALEN “FAN EARTIIDS”  
YN ‘E KULE BY JAN EN BAUKJE BOSJE  
DE REIZEN NEI DÚTSKE EILANNEN – HELGOLAN – JA, DER  
WENJE EK FRIEZEN.  
KEES KOE DER SMOUT OER FERTELLE EN HAT PRACHTIGE  
FERSLAGGEN MAKKE.**

**FOAR KEES WIE IT HICHTEPUNT FAN IT SELSKIP - IT 150  
JIERRICH BESTEAN OP ‘E GORDYK**

## **2. KEES EN IFAT**

**AS SKRIUWER FAN IT IFAT BINNE JE LID FAN IT DEISTICH  
BESTJOER EN DAT DB WAARD DOE FOARME TROCH PEET EN  
GEESKE EN DER KAAM KEES BY,  
DAT WIE IN MOAIE TRIJE KAART EN PASTE ELKOAR KREKT.**

**YN OANFANG KRIGE IFAT LANLIKE SUBSYDZJE EN DAT HALDE  
YN - EK LANLIKE KONTAKTEN.  
WIT HOE FAAK REIZGE IT DB NEI MINISTEARJES YN DE HAACH,  
ZOETERMEER EN  
EK KONTAKTEN UNDERHALDE MEI IT NEDERLANSK SINTRUM  
AMATEUTOANIEL**

**YN 2002 GIENE DE KONTAKTEN FIERDER MEI DE PROVINSJE -  
OP IT PROVINSJEHUS YN LJOUWERT**

**KEES REGELE DE KONTAKTEN MEI DE PROVINSJE – OANT IT  
LEST TA =  
DE HARKSITTING FAN DE KOMMISJE BESWIERSKRIFTEN OP  
14 DESIMBER**

**IN LANGE STEAT FAN TSJINST,**

**IT WIE DAN EK NET MEAR AS TERJOCHE DAT SELSKIP EN IFAT  
DE SKOUDERS UNDER PROJEKT K.O.K. SETTEN =  
KONINKLIJKE ONDERSCHIEDING KEES –**

**MEI OPSET YN IT NEDERLANSK OM US NET TE FERPRATEN EN  
AS IT NET FRYSK WIE, REAGEARRE KEES DER DOCHS NET OP  
EN HIENE WY DE HANNEN FRIJ.**

**OP IN PRACHTIGE FERRASSINGSDEI - 16 MAART 2013 -  
MEI FAMILJE FAN KEES ( SYN DOCHTER UT AUSTRALJE ) EN  
FERTSJINTWURDIGERS / RELAASJES –  
HAT BOARGEMASTER CROONE FAN LJOUWERT BEKEND  
MAKKE DAT KEES BENEAMD WIE TA LID YN “DE ORDE VAN  
ORANJE–NASSAU”**

**IN HIELE MOAIE AKSJE EN IN MOAIE GEARWURKING EK MEI  
SYN FAMILJE**

### **3. KEES AS SKRIUWER**

**IT IS AL SEIN – KEES WIE BY UTSTEK DE MAN FAN PINNE EN  
PAPIER.  
IK HA HIM YN IN GEARKOMSTE NOCH NOAIT SJOEN SUNDER DY  
ATTRIBUTEN.**

**DE FERSLAGGEN SNIJDEN HOUT EN AS IT MOAST, WIENEN SE  
SKERP,  
BENAMMEN AS IMMEN OAN DE FRYSKE TAAL KAAM OF  
NET RJOCHT HANNELE NEI IFAT EN / OF IT SELSKIP**

**KEES KOE BEST WOL IT WURD DWAAN, SYN SECHJE SIZZE -  
MAR  
DAT HIE NET SYN FOARKAR -  
HY SPRUTS LEAVER MEI DE PINNE**

**KEES WIE FEARDICH MEI DE KOMPJOETER – WIE DE EARSTE  
DY’T DER MEI WURKE EN HOLP US ALLEGARRE OP WEI.**

**KEES FUN IT EK PRACHTICH OM TE FERTSJINTWURDIGJEN:  
IN SKRIUWER IS DE PERSOAN FAN DE YNTERNE EN EKSTERNE  
KONTAKTEN.  
KEES FUN IT MOAI OM OP IN PAAD TE GEAN EN ANNEKE GIE  
MEI,**

**NEI  
FRYSK BOUN om UTENS – ALGEMIENE GEARKOMSTEN EN DE  
OANSLUTENDE JUNEN.  
SLUTJUNEN FAN BFT / STAF EN OARE GEARKOMSTEN.  
NEI KRITE JUNEN / KRITE GEARKOMSTEN**

**SYN WURKTIIDEN WIENE FARIABEL, MAR**

**MEASTENTIIDS HIE HY JUNS IT KANTOAR IEPEN - EN  
MAILS KAMEN FAAK LET = YN DE NACHT.**

**KEES SKILLE 14 DAGEN FERLYN:**

**GEESKE, IK HA DE KANTOARTIDEN OANPAST,  
IK SIL JUNS BETIDER OP BED,  
SIL NO MEAR MIDDEIS WURKJE.....**

**KEES HAT AS SKRIUWER AARDICH WAT BEAMEN FERSLITEN,  
MAR**

**“WIE SCHRIJFT, DIE BLIJFT”**

**EN DER TSJUGJE DE ARGIVEN BY TRESOAR FAN –  
IN LINGTE FAN JIERREN**

#### **4. KEES AS KEES**

**IK HA DE GEARWURKING AL NEAMD EN  
DAT JE YN DE RIN FAN DE JIERREN EK PERSOANLIKE  
KONTAKTEN KRIJE –  
SA WURKET DAT**

**EN SA GONG IT JIERRENLANG DAT IT SLYDJAGE:  
KEES KOE ALLES – DIE ALLES – HIE IN SOAD WILLE MEI DE  
PINNE EN MEI DE KOMPJOETER EN DE TABLET.**

**EN DOE**

**BEGJIN 2015 SLOECH IN SLIMME SYKTE TA  
IN OPERAASJE FOLGE EN**

**AL RIDLIK GAU KLAUDE KEES WER BY DE WAL OP -  
NEFFENS SOAN ROEL:**

**“ WIE HY WOL DE TUMOR KWYT – NET DE HUMOR”**

**AUGUSTUS 2016 MAILDE KEES: FOUTE BOEL -**

**OP ‘E NIJ YN DE SOARGEN –**

**MAR EK WER DE HOLLE TROCH IT HALSTER STEKKE**

**OANT DIZZE SIMMER,**

**NET ALLINNE MEI KEES GIE IT NET GOED,  
EK BY ANNEKE HIE DY ROTSYPKTE TASLEIN  
EN**

**DOE WAARD IT HIEL - HIEL SWIER.....**

**OAN IT LEST TA WIE KEES DROK MEI SYN ORGANISAASJES,  
SYN SKRIUWERSKIPPEN, SYN AKTIVITEITEN,**

**BEWUNDERENSWEARDICH EN OM NEA TE FERJITTEN.....**

**IK SJOCH KEES AS “IN MAN MEI IN GARANSJEBEWIIS”**

**KWALITEIT LEVERJE, AS PERSOAN EN YN SYN WURK  
IN BEMINLIK MAN – RESTICH / EVENREDICH,  
MAR EK WOL DE PUNTSJES STEVICH OP DE I SETTE DOARE –  
AS IT HIM NET NOASKE**

**KEES HAT IN UNBIEDICH SOAD BETSJUTTEN FOAR SELSKIP EN  
IFAT  
EN DER BINNE WY TANKBER FOAR**

**MAR NOCH FOLLE MEAR  
DAT WY MEI KEES OPARBEIDEN EN  
EK PERSOANLIKE KONTAKTEN OPBOUD HA**

**AS JE SA LANG MEIELKOAR WURKJE,  
DAN IS 22 DESIMBER 2017  
DE DEI FAN IT FERLIES FAN IN FREON**

**WY SILLE KEES FERSKRIKLIK MISSE**

**BESTE, LEAVE KEES,**

**MAKKER FAN US ALLEGARRE – REST SEFT.**

*Mei tank oan Kees van der Beek, skriuwer FBoU foar it behoffenjen fan de tekst.*

## Bylage 2 Berjochtjouwing oan de oansletten Krite



BYLAGE Nû 1

### *Berjochtjouwing oan de oansletten Krite:*

17/01	25 jannewaris	Krite bestjoeren	Ferslach Fryske Foarlêswike
17/02	6 april	Krite Easterwâlde / Tryntsje v. Berkum	Wol gearkomste stikken foar de AG Selskip graach ûntfange.
17/03	10 april	Kritebestjoeren	Gearkomste stikken foar Algemiene Gearkomste fan Selskip te Easterwâlde
17/03	13 augustus	Krite bestjoer Drachten / Anneke Annema	Oantrún om nije Winterprogram 2017 – 2018 oan te leverjen
17/05	13 augustus	Krite bestjoer Trynwâlden / Hedwig de Roos	Oantrún om nije Winterprogram 2017 – 2018 oan te leverjen
17/06	13 augustus	Krite bestjoer Hearrenfean / Auke Bakker	Oantrún om nije Winterprogram 2017 – 2018 oan te leverjen

Bylage 3 Skema Op besite by de Krite by Winterprogramma 2016 – 2017

Aktiviteiten Krite								
K R I T E							Fertsjintwurdigin g	
Moanne	Sept.'16	Okt.'16	Nov.'16	Jan.'17	Febr.'17	Mrt.'17	Apr.'17	Bestjoer Selskip
DRACHTEN								
EASTERWALDE	16 boeke jûn	28 Hymp Hamp	18 Marcel Smit	21 <b>AG</b> Waarm miel	24 Klún & Knoffelh akke	24 Toaniel	25 Reiske	Dries en Kees
HEARRENFEAN		14 Hymp Hamp	23 Kulturele Middei Jan Tabak	6 Nijjiersmi el mei dêrnei Gryt Wiersma	15 Muzikale Kofjemo arn Grytsje Kingma Lars Mulder	17 Toanieljû n mei dûnsjen nei	11 <b>AG</b> Fryske Krite kofjetafel	Dries en Kees
TRYNWALDEN		6 <b>AG</b> Klaas Bakker	13 Kofje- moarn Loes Dijk	15 Nijjiers- slokje en sjonje mei Gryt en Pyt Jon		10 Toanieljû n Kabaret Noorden bos & Co		Alie en Claartje of Geeske B. Dries komt ek.



## Bylage 4 Skema op besite by de Krite by Winterprogramma 2017-2018

Krite 2017/2018							Fertsjintwurdiging	
Moanne	Septimber	Oktober	novimber	Jannewaris	Febrewaris	maart	april	
<b>Easterwâlde</b>	22 Boekeljûn	20 Kabaret	24 Binnefeart	20 AG ITE	23 Blikstieder	23 toanieljûn	? reiske	Dries + Kees
<b>Hearrenfean</b>		20 Blikstieder	23 Kulturele middei	5 Nijjiersmiel Troubadour Adri de Boer	14 Kofjemoarn Bouke Oldenhof	16 toanieljûn	12 AG Kofjetafel	Dries + Kees
<b>Trynwâlden</b>		17 AG Rinse de Vries Spitsbergen	19 Kofjemoarn Johanneke Liemburg	14 Nijjiersslokje Bennie Huisman		11 Inez Timmer	22 Frjemd Folk + Vrouwen van Nu	Alie + Geeske
<b>Drachten</b>		25 Jiergearkomste / Gurbe Douwstra	21 Gurben Freonen			20 Frysk toaniel	7 ITE en Inez Timmer / Peter van der Zwaag	



Bylage 5 Selskip Balâns

<b>Selskip Balâns op 31 desimber 2016</b>			
<b>Aktiva</b>			<b>Passiva</b>
Bank	€ 3.355,04	Foarlêsprjekt(noach betelje)	€ 750,00
Rinte 2016 noch te ûntf.	€ 11,50	Reisk. Bestjoer noch betelje	€ 300,00
Subs. IFAT 2016 noch te ûntf.	€ 1.700,00	Kaptaal	€ 4.016,54
			-
<b>Totaal</b>	<b>€ 5.066,54</b>	<b>Totaal</b>	<b>€ 5.066,54</b>

<b>Selskip Balâns op 31 desimber 2017</b>			
<b>Aktiva</b>			
Bank	€ 4.161,87	Foarlêsprjekt(noach betelje)	€ 1.681,66
Rinte 2017 noch te ûntf.	€ 0,58	Reisk. Bestjoer noch betelje	€ 300,00
Subs. IFAT 2017 noch te ûntf.	€ 1.700,00	Kaptaal	€ 3.880,79
	-		-
	-		-
<b>Totaal</b>	<b>€ 5.862,45</b>	<b>Totaal</b>	<b>€ 5.862,45</b>

<b>It saldo op de rekken Jubileumfûns op 31-12-2017</b>	<b>€ 742,83</b>
---	-----------------



## Bylage 6 Selskip Eksplotaasjerekken

Selskip Eksplotaasjerekken 2017		
	<b>Baten</b>	<b>Lêsten</b>
Ynlagen Krite	€ 648,00	
Rinte sparrekken	€ 0,58	
Subsydzje Provinsje Fryslân	€ 7.500,00	
Subsydzje Gem. Ljouwert	€ 3.000,00	
Subsydzje IFAT	€ 2.003,61	
Burokosten		€ 241,08
Kosten Gearkomsten		€ 125,00
Reiskosten Bestjoer		€ 241,50
Grêfrjochten		€ 89,50
Ferskaat		€ 108,60
Foarlêspanje		€ 12.482,26
Eksplotaasje tekoart	€ 135,75	
	<b>€ 13.287,94</b>	<b>€ 13.287,94</b>
Kaptaal op 1 jannewaris 2017	€ 4.016,54	
Eksplotaasje tekoart		€ 135,75
Kaptaal 31 desimber 2017	<b>€ 3.880,79</b>	

## Bylage 7 Taljochting op de balâns- en eksploitaasjerekken

### Taljochting op Balâns en Eksploitaasjerekken Selskip oer 2017

#### Balâns 31 desimber 2017

Op de Balâns is foar it Foarlêsprjekt € 1681,66 as noch te beteljen opnaam, fanwege trochrinnen yn it oare jier en in rekken foar de yn desimber bestelde slúven kaem yn jannewaris binnen. It eksploitaasjetekoart is ten leste fan it kaptael boek.

#### Eksploitaasjerekken 31 desimber 2017

It werom rinnen fan it Iedental fan de Krite is en bliuwt in punt fan soarch.

De rinte fan de bank sawat nul.

In part fan de kosten fan BSF en bankkosten binne betelle út iy Faoarlêsprjekt.

It Selskip krijt gjin subsydzje, de subsydzje fan IFAT is earmerke foar it Foarlêsprjekt.

It Foarlêsprjekt wie dit jier lyk as oare jierren wer in grut sukses en giet it kommende jier ek wer troch. It tal pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen wat meidocht oan it foarlêzen is dit jier sawat gelyk bleaun. Gastâlders dogge ek mei.

Dit jier binne der mear as 18.000 Tomke-boekjes te plak brocht.

Ek dit jier wiene de ûttearplaten in grut sukses en der is foarlêzen yn it Skiermûntseachersk, it Kloasters, it Hylpers, it Bildts en it Stellingwarfs.

De Kommissje Foarlêzen is sa as wenst al wer drok dwaande foar it kommende jier.

Krite ynlagje	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	
Ljouwert		82	82	62	54	50	90	0	0	0	0	
Easterwâlde	193	191	191	180	179	174	176	186	170	170	148	
It Hearrenfean	265	240	242	248	250	270	270	250	250	250	220	
De Lemmer	185	180	180	174	151	151	142	136	132	0	0	
Trynwâlden	185	182	180	182	171	168	167	174	175	163	155	
8Drachten	80	198	189	174	153	150	150	140	130	130	125	
	<b>1108</b>	<b>1073</b>	<b>1064</b>	<b>1020</b>	<b>958</b>	<b>963</b>	<b>995</b>	<b>886</b>	<b>857</b>	<b>713</b>	<b>648</b>	

Aldwâld, april 2018

Ut namme fan it bestjoer,

A.W.Wijbenga, foarsitter

A.Douma, wnd.skriuwer

Opmakke troch:

C.J.van der Woude-van der Schaaf, adm.